

OANRIN




MAKKUM. Men soe it in lyts stedsje neame kinne oan de igge fan de Sudersee. It leit sa ticht tsjin de swiere seedyk oankrongen as woe it neat te meitsjen hawwe mei it boerelân der omhinne. It libben, alteast foar safier it dit boek oangiet, spilet him foar in grut part ôf by it haventsje tusken de stiennen dyk op de kant fan de waard en it houten haad oan it ein fan de klippen.

Fan de 'leagenbolle' út (it iepen stiennen geboutsje oan de haven dêr't it farrensfolk gearkomt) hat men in moai útsjoch oer de blazers en botterkes oan de klippen en oer de waard derefter. De waard, in net ôf te eagen slykfjild fol galen en slinken, falt mei elk tij drûch en strûpt der mei it oare tij wer ûnder.



De fiskerlju sette mei leech wetter harren botnetsjes yn de slinken, wylst de jonges op bleate fuotten yn it ûndjippe wetter oan de kant fan de waard de bot út it sân grabbelje.

Earne yn dy ûnbidige slykfjilden dêr bûtendyks hawwe de fûgelsjitters harren kisten yndold. Rûngear sitte se dêryn, waar of gjin waar, en wachtsje yn de slim beheinde romte op it wetterwyld dat oer komme sil. De waard is it ideale fuorplak foar in soad fûgels, benammen yn hjerst



en maitiid, as der frjemde gasten delstrieke om iten en om krêft op te dwaan foar de fiere reis nei it noarden of nei it suden. Alleman dy't mar in gewear tille kin, giet dan efter dy fûgels oan en de ryksfjildwachter giet wer efter guon fan dy jagers oan dy't gjin fergunning hawwe foar in gewear. Hy moat harren trappearje oan de dyk, want fierder as de peallen rikt syn macht net.



Wol binne der foar him reedlike kânsen, om't ferskate fan dy fûgelsjitters de nuvere oanwenst hawwe om te jeien ûnder it rjocht fan de einekoaien dy't moai ticht oan de seedyk lizze. De koaiboer is fan betinken dat der mear flecht op de koai komme moat, en de streupers dat it mei minder ek wol ta kin. Goitzen en Teade, Jan en Grutte Hindrik balanseare mei harren treddehânsk sjitark altyd troch op de

smelle tried tusken wat mei en wat net mei, sûnder ophâlden hjitfolge troch Heegstra, de ryksfjildwachter, dy't him tige bewust is fan de macht fan it unifoarm. Hy nimt it net sa krekt om oan syn doel te kommen, sa min yn it iene as yn it oare. Mar al wat him slagget, net om opnommen te wurden yn de hechte mienskip fan fiskers, fûgelsjitters en bûtsikers.



Tusken gesachdraggers en frijbuiters kuieret Wichert Humalda, de nea ôfstudearre rjochtsgelearde, en jout syn advizen, dy't meast net alhiel strike mei de wet. De fiskerlju en de fûgelsjitters wenje op it efterdykje en yn de platte húskes oan de stegen en de grutte lju yn de mânske huzen oan Fallaat, Tsjerkstrjitte en Turfmerk. Mar fan dy lêsten is net safolle te fertellen. Net omdat se minder wêze soenen as it gewoane folk, mar omdat dy tichte huzen better besletten hâlde wat dêryn bart. Wol hawwe se yn de och sa hechte mienskip in beskate funksje as wurkjouwers oan de arbeiders fan panwurken, gleibakkerij, kalkwurken en fan de rige grutte mûnen oan de Papiermûnestreek. En fierder as ôfnimmers fan fisk en fûgels.

Dit doarp oan see is in wrâldsje yn himsels, oant de ôfslútdyk it iepenbrekt.

It is mei dit boek as mei de stientsjes út de gleibakkerij, ûngelyk beskildere, mar dochs foarmje se mei elkoar ien grut gehiel.

DE DEI BEGJINT



Moarnsier is de oere fan it mearke. Sulveren seedampen, trochljochte fan de krekt boppe de kym kommende sinne, slûpe weevjend troch de strjitten en de steechjes, krûpe ûnder stoepluifels en wine har om de platte húskes op it efterdykje. Alles hâldt de siken yn, yn ôfwachtsjen fan wat komme sil.

De hegere trepgevels oan it Fallaat steane al te pronkjen yn de farske strielen. Op de naal fan de herberch oan de Syl sit in hiele rige seefûgels deun tsjin elkoar oan nei de kommende dei te sjen. Sûnder ien inkeld lûd jout him sa no en dan ien ôf nei see. Ien machtige wjukslach en hy sylt fuort en wurdt wei yn de leech hingjende damp.

Stadichoan sûget de sinne de dampen yn en jout it sicht frij op de hinne en wer touterjend blazers en botterkes oan de klippen en it houten haad. Efkes letter binne dêr ek al wer de platte boatsjes fan de jagers, fredich noaskjend oan har toutsjes.

Dan komt de minske. Alde Eling, mar amper grutter as it gewear dat er

meitôget, batst mei wurge trêden troch it wetter nei syn wyldsjittekerke. Ljochtringels ferdriuwe om de skowende learzens. Mar Eling hat der gjin niget mear oan sûnt syn soan, Ele, net mear meigiet nei see. Mear as fjirtich jier hawwe se mei har beiden dei út dei yn de waard op west en no moat er allinne, lykas yn de tiid dat Ele der noch net wie. Mar doe wie er jong en no is er âld. Hoe âld, dat wit er net sa krekt en dat kin him ek net folle skele, mar dat Ele der net mear is, dat giet him slim oan. Eins hat er nearne gjin nocht mear oan sûnt dy jonge sa ûnnoazel weirekke is. In iepen knibbel by it keatsen opdien en twa dagen letter ... wei. Hoe kin soks no? Harren hiele libben hawwe se ûnder de smertlapen sitten ... en no? Wie it no noch sa gien as mei him yn syn jonge jierren doe't in pylroch him mei syn fergiftige pylksturt dwers troch de hân hinne oan dek fêstspikere hie ... ja, dan hie er it him begripe kinnen. 'It hat doe myn tiid net west,' tinkt Eling, 'en ik libbe noch. It hie better oars wêze kinnen. Mar as de Heare it sa beskikt dat



men allinne fierder earmoedzje moat ... wat jout jin dan opstannigens?' Hy tilt de beslike learzens oer it boeisel en boomt de âlde geul del. Nee, hy hat der gjin nocht mear oan. Mar wat sil men. Och, in hap iten is oan de wâl ek noch wol te besetten ... mar dy ivige toarst ... dy is net te ferslaan.

Jan komt de efterdoar út, docht in taast nei de botnetsjes dy't oan de muorre hingje, en klatteret by it efterdykje op. It jonge, smelle antlit is al brún as taan. De kleare blauwe eagen kuere oer see. As er Eling farkjen sjocht, knypt er út gewoante ien each ticht. 'Jonge, wat is de âldman betiid. Ik miende al dat ik de earste wêze soe.' Jan giet it dykje del nei de klippen, dêr't syn platboaiemboatsje leit. In linich jongkeardel, net sa grut fan stik, mar ien dy't syn macht wol hat. Sa as er dêr no hinne stapt mei in pear perkjes fine botnetsjes op de rêch, is hy alhiel de fiskerman en fûgelsjitter fan de waard. Hy lit him by de muorre fan de klippen delsakje en as er langút oan de earms hinget, kin hy krekt syn boatsje rikke.

'Tenei marr op heech wetterr wachtsje, Jan,' brijket Wichert Humalda boppe fan de Sylsbrêge ôf.

'Dat soe sa noflik wol wêze,' seit Jan, wylst er omheech sjocht nei it lange stal yn de fersketten skoatjas, 'mar by heech wetter moatte myn botnetsjes al lang yn see stean. Jo binne ek ier.'

'Ik bin let,' seit Wichert, 'mar do bist betiid. Moat Hindrik noch komme?'

'Hindrik moat hjoed nei Boalsert foar de kantonrjochter,' gnysket Jan. 'Dat is ommers ek sa. Hawar, as hy him mar hâldt oan wat ik sein ha, dan komt it wol goed.'

'Hindrik ferpraat him net. Dêr komt oars neat út as wat jo deryn getten ha.'

'Eling is ek betiid,' seit Wichert, 'ik seach him al gean doe't ik boppe dyk kaam. Dy kin it thús net mear fine sûnt Ele der net mear is.'



‘Nee,’ seit Jan, dwaande mei syn botnetsjes, ‘mar se hawwe it thús nea fine kinnen as der gjin drank wie. Mei har beiden net en no’t er allinne is hielendal net.’

‘Wis, hy hat gjin goed foarbyld west, mar dochs begruttet it my om de âldman dat er allinne oerbleaun is.’

‘No ja, dan hienen se ek mar net sa sûpe moatten,’ seit Jan mei de wredens fan de jonkheid. ‘Doe’t Ele dy krupsje by it keatsen krige, wie er ek sa dronken as in kroade.’


‘Net sa hurd oardielje, Jan. It is min lêzen yn oarmans boeken.’

‘Dat sil’t wol,’ seit Jan, ‘mar ik sil sjen dat ik myn netsjes teplak krij, foardat it wetter begjint te floeien.’

‘Goede fangst, Jan.’ groetet Wichert. Mei de meagere hannen op de rêch kuieret er no de Foarrige del.

Grize krollen komme ûnder it fetraanderke wei en hingje op de kraach fan de skoatjas, dy’t lykas de hoed skynt út in grienens.

Nimmen hat him ea yn in oar habyt sjoen en nimmen sil him ea yn wat oars sjen. Op de hoeke fan Wopke’ Paad bliuwt er stean en sjocht nei de wizers fan de Waachsklok, dy’t blinke as goud yn it iere ljocht. Dan sjocht er nei it glêde wetter fan it Fallaat dêr’t de hiele Foarrige him yn speelet. ‘Moai,’ knikt er en in glimke ljochtet oer it bienbitige antlit. By de flapbrêge fan de Krommesleat is syn eigen hûs. In iuwmannich lyn hat ien fan syn foarfaars dat dêr sette litten. Doe binne der gjin kosten skromme, mar no hawwe timmerman en ferver it gebou yn gjin jierren benei west. Lykwols sa moai as no de sinne mei syn gouden pinsielen de blinen en kezingen skilderet, kin dochs gjin minske it dwaan.




As Wichert de doar fan wat ienris in winkel wie opdocht, tinkelet de skille libben yn de holle romte mei de lege stellingplanken rûnom. Dy skille is it iennichste dat der fan de winkel oerbleaun is en Wichert is de iennichste dy't oerbleaun is fan it eale Humalda-skaai. As erfskip út dat laach hat er syn waarmfielend hert, syn grutte muzikaliteit en it fêste leauwe oerhâlden. Al it oare is weiwurden: jild en oansjen. Hy telt net mear mei ûnder de notabelen, mar syn ynfloed is grutter as fan ien fan harren.

As Wichert Humalda de lange tsjustere gong troch giet, de wrakste steeën mijend, glimket er wer. It hat goed west. Justerjûn is er ôfstutsen nei Boalsert foar in oargelkonsert yn de grutte tsjerke. Fol ferwachting

is hy de ryklik tsien kilometer derhinne kuiere. It wie de kuier wurdich. Nei it konsert is er werom rûn. De hiele nacht hat er lâns ferlitten wegen swalke en altyd troch wie der muzyk. De ljochte nacht wie fol fan it rûzjen fan it machtige oargel. Hy koe der net ta komme en gean nei hûs. Hjir midden tusken de greiden, dêr't leech de dauwe oerhinne sweve, fielde hy him alhiel opnommen yn Gods skepping. Boppe op de seedyk hat er sitten en dêr wie wijde muzyk yn it lûd fan it wetter tsjin de peallen.

Der leit noch in plaske bôle, dat er mei smaak oppluzet. Dan giet er op 'e koai. De dei hat neat bysûnders te bieden en nimmen hat ferlet fan him.



Wylst Eling mei syn gewear om de noard giet en Jan mei syn botnetsjes om de súd, rattlelet de molkwein fan Atze by it Lynbaanspaad del. Atze hat in bêst sin. It libben is goed op dit stuit. Hy komt krekt by it wiif wei en se hienen it wûndere iens west. De Heare hat him krekt it wiif jûn dat in komelker nedich hat. Melke kin se dat it brûs op de râne stiet en boppedat hat se him in hûs fol bern jûn, allegearre kant fan lea en goed fan skôging. Oeral en altyd wie se bêst te brûken, op it lân, yn 'e hûs en op bêd. Ja, it libben like derop en hy wie der wis fan dat hy goed stie mei de himelske machten. In psalm rôlet him fansels oer de lippen en klinkt fier út boppe it rammeljen fan de molkbussen.

De âldste jonge efterop hat de sliep noch lang net út en woe mar dat heit ophâlde mei dat gebalt. Lykwols, hy is njonkelytsen sa wiis al dat hy wit dat men net alles hawwe kin. In bêst sin mei in psalm is altyd noch better as in min sin mei bolderjende wurden. It hat ek noch foar dat er no wol sawat wekker bliuwe sil en net fan de wein stuitsje, sa

as ek alris bard is. Dat hie der by stien. Heit koe it mâl opsizze as er oerémis wie en dêr wie ornaris net sa'n soad foar nedich. Mar dochs woe hy heit foar gjin tûzen pûn klûntsjes ruilje foar in oaren ien. Atze slingeret de jonge sinne syn psalmen temjitte. Hy is in djip leauwend minske, al kin er it raar opsizze as de boel him tsjinrint. Mar hy wit dat er in stofke is yn Gods hân, dat sa fuortblaasd wurde kin. Hy stiet der altyd net by stil, mar no yn de iere simmermoarn is hy it him tige bewust. Hy sjocht de dauwe oplûken fan de fjilden. De kij, dy't niis noch dreauwen yn de damp, jouwe har ôf nei de jister. De fûgels yn de greiden roppe en in ljurk kliuwt tierelierjend omheech. 'Sa'n lyts ding,' tinkt Atze, wylst er it bistke in amerij neieaget, 'wêr helle er it wei.' Hy sjocht it skeppingsferhaal foar syn eagen en blider noch klinkt syn lûd, dêr't hy de skepper fan alle libben mei bejubelet.

By de finne slacht er it hapke út en ropt syn bisten, dy't kalmwei op har tasetten komme. Efkes letter sitte se beide ûnder de kij.



De sinne krijt de gûns deryn. Der komt mear beweging yn it doarp. Skippers skowe it lûk dat de roefdoarren ôfslút fansiden en stekke de koppen yn de frisse moarn. De arbeiders fan de panfabriken sjuttelje mei de bôletrompkes ûnder de earm nei har wurk. De skilders, foarmers en stientsjemakkers fan de gleibakkerij wurde kop efter kop wei troch de smelle doar.

In ferver sleept mei in lange ljedder en in timmerman is mei in Malle Jan ûnderweis nei it houtstek. It libben is wer op gong kommen. De lûden fan alle dagen klinke troch elkoar. De klipkleppende klompkes fan de bern dy't foar skoaltiid noch krekt efkes by see sjen kinne, it ratteljen fan in sutelerskarke oer de klinkerts, it tikjen fan de hammers fan de hellingen, it fleurige klink-klank fan de hynstetramskille, it byljen fan in hûn en it blide lûd fan minskestimmen. Troch de iepen doar fan de gleibakkerij komt it ritmyske muzikale tikjen fan tegels dy't útklonken wurde.

Oan de haven is it no ek allegearre leven en beweging. De beide jonge

streupers Goitzen en Teade (men sjocht de ien nea sûnder de oar) dy't fannacht moai let fan dyk kommen binne, stekke no al wer yn har plat boatsje ôf nei de waard om seewjirms te dollen. De skulpefiskers slagge de seilen oan de mêst. By it omheech heljen rattelje de houten kralen lâns it glêde hout, blokken slagge en swurden sakje grommeljend del. De skilersfloat is ûnderweis nei de banken. Guon blazers lizze noch te lossen oan de Braak by de kalkwurken. Arbeiders kroadzje it skyl yn de ovens. Partij kalkovens steane al te rikjen en de neare rook wevet om de âlde huzen mei de foaroer hingjende houten geveltoppen.

Ut ien fan dy rottekleasters komt it opteine sjongen fan Lieuwkje, dy't it fleanende drok hawwe soe as se har drok makke. In stikmannich fan har jonges binne al op it panwurk of by de skipper en inkelde dochters tsjinje al by in oar, mar dochs hat se noch in hûs fol bern. Mar dan, har hûs is ek gau fol. Dochts hat Lieuwkje altyd in fleurich sin en is se beslist gjin slaaf fan it wurk. Dat bliuwt der wol. Boppedat is it no simmer